

Obe Alkema

Neat taastbers yn in wolk fan memorabilia

Nostalgjy en mankelikens, respekttyflik de positive en negative kante fan gemis, geane yn *Brek dyn klank* fan Abe de Vries lyk mei-inoar op. Dy emoazjes sette gear yn de hast fjirtich gedichten dêr't de bondel út opboud is, strak ferankere yn fjouwer skiften.

BUBBELS: FOARM EN TEKSTUER

It earste skift hjit 'Noardlike elegyen'. It sjenre fan weemoedige fersen wurdt al sûnt lange jierren beoefene en wurdt foaral skaaimerke troch in gefoel fan rou en gemis. It is typysk in sjenre dat útgiet fan earder-wie-alles-better, út soarte fansels, want foar de desbetreffende dichter wie earder ek alles better. Yn de twadde elegy: 'Ik wit noch, doe't ik yn 'e skuorre stie, / foar 't earst, ik wie ek trettjin, fjirtjin jier, / hoe lyts ik yn it hege bouwurk wie.' (s. 12). Oantinkens oan de jeugd fan de dichter jout de bondel út 'e folop. De fjirde elegy iepenet mei: 'Fan in heit en in mem is dit it doarp / Yn de tongen fan myn tonge praat it / âlde talen, dy't ik langer net ferstean.' (s. 14). Feroarjende tiden, fergeane gloarje.

De oantinkens dy't de dichter ophellet, krije noait hielendal stal. Ek al dichtet De Vries yn de sechde elegy dat inkeld in dichter leauwen makliker makket, dochs is dat yn dizze fersen net it gefal. Trochdat de behannele matearje yn dizze elegyen yn romtlike sin sweevjen bliuwt, kin dy net aardzje: oantinkens en ûnderfinings kinne har net hechtsje oan de objekten dêr't it nostalgyske en/of mankelike gemis fan de dichter oan fêstsit. Somtiden neamt de dichter in plak of in persoan, mar dy is dan of te algemien ('in Grykse timpel' of 'Oedipus') of te spesifyk ('Mirte', 'Ropta' of 'klokkesinker Goslinga'). Yn beide gefallen is it net mooglik foar de lêzer om mei te dielen yn de dichter syn ferknochtens oan syn oantinkens en ûnderfinings.

Mar, sa hâldt De Vries dêrfoaroer út: 'It wêzen fan in pleats is net te finen / yn syn foarm, mar yn tekstueren.' (s. 13). By dizze rigels bleau ik hieltyd wer

hingjen. Wat is krekt it ûnderskied tusken foarm en tekstuer? Is foarm inkeld de oerflakkige oanskôchberens fan in objekt, en is tekstuer dan de mear ynwindich oanwêzige struktuer, dat wol sizze: de betsjuttings dêr't in objekt út opboud is mei-inoar? Tekstuer is lykwols ek te fielen: is it it materiaal dêr't eat fan makke is? Mar it is net allinnich it sichtbere dêr't in objekt út opboud is, en dêr doelt De Vries ek op. De folgjende rigels binne: 'Giel moas op gieltsjes, ôfset / troch trije ieuwen sâlte wyn fan see.' (s. 13). Foarm is dus watst sjochst, en tekstuer is de som fan alle ynfloeden dêr't it objekt yn de rin fan de tiid oan ûnderhevich west hat. Foarm is stilstân, tekstuer is proses, by De Vries.

Frappant is dan ek hoe't 'it wêzen fan in pleats' en syn oantinkens sa faach en ûndefinearber bliuwe. Ik doel dêrmei op it ûnfermogen om de prosessuële tekstuer fan dy oantinkens, ûnderfinings, romten en persoanen befetsje te kinnen. It is inkeld foarm: in momint fan stasis dy't de bewegings fan nostalgia en mankelikens – dat is ûnder mear altyd it skipperjen tusken no-tiid en ferline – opkeart. In ôfdruk dy't gjin yndruk efterlit. Dat is ynherint oan it sjenre fan de elegy: der is mar op ien manier rou mooglik. Dy kin fierder net kritysk beskôge wurde, omdat gefoelens fan fergonkelikens en gemis (dy't mar ta in hichte rasjonalisearre wurde kinne) har inkeld uterje kinne yn in *ubi sunt*-foarm dy't gjin alternatyf biedt en yn hege mjitte spekulatyf is. Ien kear werom yn it hjoed blykt de ynbylde werklikheid in bubbel te wêzen: ûnmooglik is it om dy foarbygiene tiden werom te heljen. Dat betsjut lykwols net dat soks gjin antwurden opleverje kin. Dizze meditaasjes kinne rêst en relativearring generearje.

43

YN HEGE MJITTE PARTIKULIER

It twadde skift hjit 'De krusen en de mollen' en bestiet út fjouwer sonates, op 'e nij sa'n konservatyf sjenre. De tematyk fan eartiids wurdt hjir fuortset en benammen yn ferbân brocht mei muzyk. Sa draait *California Dreamin'* yn de foarstêd (s. 25), hopet de ik-persoan dat de do-persoan ea it noateskrift lêze kinne sil (s. 26) en ferdwynt lûd nei de eftergrûn yn it slotgedicht fan it skift: 'Stiller sil it wêze. De earen haw ik iepen, / mar wa sil sizze hokker toan it is / dy't hinget oer it lân tusken dy en my?' (s. 38).

De politike mominten yn dit skift binne fierwei it nijsgjirrichst, lykas: 'Mar Yankees en Serviërs binne gjin freonen. / Serviërs en Nederlanners ek net mear.' (s. 25). Ofsjoen fan it feit dat dy rigels frijwat tendinsjeus binne, ferwiist De Vries hjir ûnder mear nei de Nederlânske ynminging yn it eardere Joegoslavië, in oant de dei fan hjoed kontroversjele en tige beladen kwestje yn it publike debat. Fierder giet De Vries der net op yn, want is soe de toan en ynhâld fan dizze gedichten yn ûnstjoer bringe. Dy binne, lykas yn it foargeande skift, mankelyk en nostalgysk. Diskear stiet der folle mear in do-figuer sintraal: 'Hoe bisto út dat atonale konsert krûpt / en dochs dyn toan net kwyt?' (s. 25).

De relaasje tusken de ik-persoan en de oar wurdt frijwat klisjeemjittich en truttich brocht: 'Om net elke dei te sizzen dat ik dy mis, / sis ik dat ik earmen haw om yn te lizzen / foar de nacht dy't komt – dy't al yn my is.' (s. 32). In inderlike nacht is njonkenlytsen sa'n ferstienne byld dat dy gjin inkelde libbensfetberens mear hat. It is in eksemplarysk foarbyld fan de fêstrustke romantyske byldtaal dêr't De Vries him fan betsjinnet. Dy draacht by oan wat ik opmurk oer it earste skift: in momint fan stasis dêr't bewegings fan nostalgia en mankelikens troch tsjinholden wurde. Dy bewegings bliuwe yn hege mjitte partikulier en oerstiigje it persoanlike net, fanwege de floeiberens fan de oantinkens dy't nearne ta in bliuwende yndruk gearsette.

De iennige kear dat De Vries in bytsje yn de buert komt, is troch it delsetten fan stilte en in wei-êbjende werinnering neist it bakken fan koekjes, ek al hat dat gedicht in hege mjitte fan húslíkheid. De slotrigels litte de lêzer weromkomme út de wolk fan nostalgia en mankelikens, mei beide fuotten op 'e grûn: '(...) Myn soan, / set de oven oan – en do silst se spylje, / al dy Chocolate Cookie Monster Cupcakes!' (s. 38). In dissonant yn dit drôfgeastige skift, al soargje de banaliteit en ek de direktens fan dizze rigels foar it tsjinoerstelde: dit momint dat no-tiid en doe-tiid inoarren moetsje, mei-inoarren yn dialooch reitsje, en dêrtroch ta libben komme, wurdt troch de wat platte ferwizing út balâns brocht en oan diggels slein.

44

GEMIMER

De slotskiften hjitte 'De wurden en de kleuren' en 'Deadebetinking'. Wat ynset is yn de foargeande parten giet hjir op in likense wize fierder:

Silsto letter mei my ek prate,
as ik dy myn hert útsis –
of kin it inkeld oer dy gean,
dyn dei, dyn goede freonen,
de wurken dy't jim bedreaunen –
silsto werklik wat weromsizze,
mear as 'ik begryp it' en 'wat moai',
of datsto no ienris myn jonge bist – (s. 47)

Mimerje, dat docht De Vries yn syn fersen, dêr't boppesteand sitaat in klear foarbyld fan is. Hjir sjocht De Vries de takomst yn, ynstee fan werom te sjen, mar de omstannichheden en de effekten binne lyksoartich: like spekulatyf en utopysk is dizze gedachte, en it weromkommen nei it hjoed is like ûnt-heisterjend. Men kin jin goed yntinke dat de dichter sels in protte hope fynt yn dizze prakkesaasjes, sjoen ek de slotstrofe fan it slotgedicht: 'Wannear't de frede begjint / (dy sil begjinne), dan sil ik oan ús tinke / as geloksfûgels,

dy't oerlibben.' (s. 63). Dat klinkt hoopfoller as 'Jou my nachten op in berch fertrouwen / dat do en ik yn it teken bestean / fan nije fragen – (...)' (s. 57). It is de fraach wêr't De Vries op doelt mei 'it teken'. Hawwe wy hjir te krijen mei in religieuze ferwizing? Yn de earste strofe kamen wy al 'de oan it krús spikere oeren sûnder útlis' tsjin. Spirituële weromtinkens komme faker foar yn de bondel, lykas yn it gedicht 'Rûaach' (dat is Hebrieusk foar 'geast', sj. Gen. 1:2). Of giet it mear om in taalteken: it bestean yn taal, wurden, ferhalen, krekt lykas alle oantinkens en ûnderfinings inkeld yn de taal besteane?

It iene slút it oare net út fansels, se kinne sels yninoar opgean, want sawol bylden as wurden binne dragers fan oantinkens. En yn sawol religieuze as talige eleminten kin berêsting fûn wurde troch de fergonklikens dy't De Vries yn *Brek dyn klank* sa bot op 'e foargrûn set. It gemis wurdt yn dizze gedichten opslein. Fandêr dat dizze fersen sa strak ferankere lizze yn skiften en de fersen neffens strange formele prinsipes opboud binne: allinnich op dy manier kin de ynhâld it bêste preservearre wurde, mei't it op dy manier makliker bliuwt om grip te hâlden op de matearje dy't te prekêr is om fersleaukje te litten. Dy grip kriget inkeld de dichter sels, want de lêzer rekket it sicht kwyt yn de wolk fan memorabilia dy't noait in taastber stal krijt. Sa litte de fersen mar in bytsje yndruk efter en binne se heechút in bytsje treastjend:

Silsto iepen wêze foar dines oer –
hoe oars as mines! – en dy net
liede litte troch gewin – of
die ik foar dy winliken te min,
wie ik ien en al ûnbegryp –
set my dan by de dyk
as in âld man, dy't him útpaat wit. (s. 48)

45

(oersetting: André Looijenga)

Abe de Vries
Brek dyn klank
Gerben Rypma Stifting, Blauhûs 2015
ISBN: 9789081581820
Ferreappriis: € 15,00